

## Goeie start foar Agriloge

Dit seizoen is sc Heerenveen útein setten mei in nij inisjatyf foar bedriuwen, de Agriloge. Dit is in komfortabele businessromte dy't plak jout oan 68 persoanen en spesjaal ynrjochte is foar bedriuwen út de agribusiness. De earste oanset sjocht der goed út. Alve partisipanten binne op dit momint goed foar 28 stuollen en sc Heerenveen is folop yn petear mei belangstellende partijen.

“De Agriloge is in ideaal platfoarm om mei brânzjegenooten ynformeel, mar tsjintwurdich miskien noch belangriker, funksjoneel netwurkje te kinnen,” fertelt akountmanager Peter de de Vries fan sc Heerenveen.

Peter is fan it begjin fan it hjoeddeistige seizoen ôf belutsen by de Agriloge en is entûsjast oer it inisjatyf. Fanwege it keazen konsept, mar ek de brânzje. “Ik wit dat de sektor yn beweging is. It is in kânsrike perioade foar ynvestearringen.”

Ferskaat is ien fan de sterkste punten fan de Agriloge. It Abe Lenstra stadion is in moetingplak foar útienrinnende bedriuwen. Fan ûnder oaren assurânsje, finansiering, meganisaasje, accountancy, fêst goed, leanwurk, tsjinstferliening, fokkerij, sieddelsie en gewaaksbeskerming, bou, suvel, greidbuorkerij oant lânbou. “De brede doelgroep is in krêft”, sa't Peter seit.

It lidmaatskip hat it nedige te bieden. Sa wurdt fjouwer kear yn it seizoen in foaroprinnend sprekker útnoege, soarget cateraar Beijk foar hearlike waarme en/of kâlde buffetten, is der elk thúsduel in wedstriid besprek troch in trener fan de technyske stêf fan sc Heerenveen en is der in fuotbaltoto wêrby in wedstriidbal te winnen falt.

Dielnimmers kinne harsels en it bedriuw maksimaal profilearje yn de loge en boppedat kin de romte bûten de wedstriiddagen fergees brûkt wurde foar bedriuwaktiviteiten sa as gearkomsten, byienkomsten en feestjes. Iennige betingst is, dat fan de hoareka foarsjenningen fan Beijk gebrûk makke wurde moat.

Ut de leden wei is in kommisje gearstald, besteande út Luuk Uelderink, Hendrik Jan Achterhof en Hein Willem Leeraar, dy't meitinkt oer de te farren koers. Hjir út is û.o. in foarstel ûntstien om trije kear yn it seizoen ekstern in aktiviteit te organisearjen. De kommisje hat ek betocht om by elk thúsduel inkele dames fan it sc Heerenveen damesalvetal oanwêzich wêze te litten. Dy kinne op harren wize prima it frouljusfuotbal ûnder de oandacht bringe, fuotbalkennis en ynformaasje diele mei de gasten. Ien fan de leden fan de Agriloge, Valentijn Meijer fan Meijer Consultancy, is ree fûn om by thúsduels as gasthear op te treden.

Mei 28 ferkochte stuollen is de Agriloge net útferkocht, mar Peter is net ûntefreden. “De doelstelling foar it earste seizoen is realisearre. Wy draaie kyt en dat wie de bedoeling. 28 leden is net ferkeard en wy hoopje de kommende moannen mear nije leden te begroetsjen.

Der is plak foar 68 stuollen, mar mei 50 oant 55 stuollen komt it konsept miskien noch wol better ta utering. Dan bist fleksibeler om wedstriden hinne wêrby mear fraach nei kaarten is.”

Wolle jo mear witte oer de Agriloge en de mooglikheden foar jo bedriuw?

Dan kinne jo kontakt opnimme mei Peter de Vries.

Telefoan: 0621555566

Email: [peter.de.vries@sc-heerenveen.nl](mailto:peter.de.vries@sc-heerenveen.nl)

OSSH Leden Agriloge

Unive Dichtbij

Gea Farm Echnologies.

Interfarms Achterhof Makelaardij

KWS Benelux

D&U Groep Accountants & Adviseurs.

Hein-Willem Leeraar & Partners  
Garage-en Mechanisatiebedrijf Veenstra  
Slump Oil B.V.  
Agri Vastgoed Makelaars & Taxateurs.  
Notariskantoor Mr.Tj.Smid  
Meijer Consultancy